



Jierferslach 2023



De Ynterfryske Rie wie yn juny 2023 foar syn jierlikse gearkomste te gast yn Sealterlân

Ynhâld

	side
1. Ynlieding	3
2. Foaropwurd fan 'e foarsitter	4
3. Doelstellings en maatskiplike ynbêding en wurkgroep Takomst Fryske Rie	5
4. Produktferslach	6
a. Aktiviteite-aginda	6
b. Reguliere útwiksels	20
c. Gearwurking	24
EBLT, FYK, Ried fan de Fryske Beweging, Provinsje Fryslân, DING-tiid	
d. Dielname oan (ynter-)Fryske aktiviteiten	25
Sitzung des Beratenden Ausschusses für Fragen der friesischen Volksgruppe, septimber	26
Europäische Strasse der Friesen	26
e. Webstek en publisiteit	26
5. Organisaasje	
a. It bestjoer, roaster fan ôfgean	27
b. Gearkomsten	28
6. De Ynterfryske Rie	29
7. Jierrekken 2023	30

Taheakke 1: Produktplan 2023

1. Ynlieding

Foar jo lizze de jierstikken fan de *Fryske Rie* oer it jier 2023, besteande út in ferslach fan de aktiviteiten en de jierrekken oer 2023, mei de steat fan baten en lêsten en de balâns fan 31 desimber 2023.

Yn 2023 hawwe wy wurke oan de doelen út it karbrief lykas neamd yn haadstik 3.

Wat hat it my persoanlijk brocht? In op 'e nij werkennen fan de soad oerienkomsten dy't we hawwe mei de Noard- en East-, en West-Friezen. Nijsgjirrich en wêr mooglik stypje ik by it lizzen fan nije en besteande ûnderlinge kontakten.

De Fryske Rie is tankber dat de realisaasje fan ús aktiviteiten (mei) mooglik makke binne troch in finansje bydragen van de provinsje Fryslân.

Ljouwert, 21 maart 2024

Ut namme fan de Fryske Rie,

Saapke Miedema,
sekretaris



2. Foaropwurd fan 'e foarsitter

Myn earste folsleine jier as foarsitter fan de Fryske Rie. Myn namme is Jan Dijkstra, ik bin 66 jier en wenje mei myn frou Yke yn Hitsum. Us fiif bern binne de wrâld yn tein. Sels bin ik wurksum as wethâlder yn de gemeente Waadhoeke. Ferline jier bin ik frege in rol te spyljen yn dizze Rie en ik ha ja sein. Driuwfear dêrby is ferbining tusken minsken, yn dit gefal minsken mei in Fryske eftergrûn, ek al is dat út in fier ferline. We ha it wol oer in groep minsken dy't mei soartgelikense saken te meitsjen ha. Dan ha we it yn elts gefal oer it wengebiet oan it Waad, de taal, de kultuer en nije ûntwikkelings as de enerzjytransysje. Faaks kinne we noch mear fan inoar sjen, hearre en of leare.



It jier begûn mei it ôfskied fan fiif leden dy't lange tiid ûnderdiel útmakken fan de Fryske Rie, te witten Pytsje de Graaf, Kerst Huisman, Sytze Hiemstra, Rob Jonkman en Jeltsje van der Mei. It wie in weardich ôfskied mei tank oan harren ynset en tagelyk mei dêrtroch ek it begjin fan in soarte fan trochstart. We hiene al mei elkoar fêststeld dat de Fryske Rie noch genôch potinsje hat om fierder te gean. Mar oer hoe en wêrmei yn dizze feroarjende tiid hat in wurkgroep fan in fjouwertal minsken him bûgd. De ideeën dy't sy op skrift setten ha wurde begjin 2024 besprutsen yn it bestjoer.

De kontakten dy't we ha mei de East-Friezen, Sealterlân, de Noard-Friezen yn Dútslân en de West-Friezen út Noard-Hollân besykje we sa goed mooglik te ûnderhâlden. Foar my betsjut dat ik oanwêzich wie yn bestjoersgearkomste yn Ithlow en in ledegearkomste yn Schâddel (Scharrel). Der wie ek op inisjatyf fan Teun de Jong wer in slagge boeremoeting hjir by ús. Troch dy meetings begjint it allegear ek wat mear te libjen en sjoch ik stadichoan mear wêr't kânsen lizze. Dat seagen we ek werom yn de opstelling fan ús provinsje, mei û.o. in sprekbeurt fan de kommissaris yn Auwerk (Aurich). Foar ús eigen feriening betsjut dat wol dat we ek de mooglikheden ha moatte om it wier te meitsjen.

Dêr sille we ús de kommende tiid wis ek fierder oer bûge moatte. Just ek om't ús trouwe haadrolspiler Saapke Miedema oanjûn hat dat ek har tiid yn de Fryske Rie derop sit. Sy helpt ús noch in skoftke fierder, mar dat is tydlik.

Al mei al in jier fan opbouwen fan in Fryske Rie dy't al jierren bestiet en bewiisd hat dat kontakten tusken 'de Friezen' foar alle partijen fan mearwearde wêze kinne. It stiet dan ek net by fersin fêstlein yn Europeeske regeljouwing, omearme troch ús lânsregear. Genôch oanhâld soe ik sizze foar it kommende jier. We geane mei faasje fierder.



Besite oan in 'Litje sjoule yn Skâddel yn Sealterlân. Útlis oer de lesmetoade en in rûnlieding yn de skoalle.

Jan Dijkstra,
foarsitter

3. Doelstellings en maatskiplike ynbêding

It doel fan de Fryske Rie (oerset út it karbrief):

- it ûntwikkeljen fan de Fryske kultuer yn de brede betsjutting, mei help fan ynternasjonale kontakten en troch it skeppen en ûntwikkeljen fan de middels dy't sokke kontakten mooglik meitsje;
- oare Europeeske regio's yn de kunde te bringen mei de Fryske kultuer en it meiwurkjen oan it presintearjen fan de kultuer fan oare Europeeske regio's yn de eigen provinsje;
- it stimulearjen fan de kulturele posysje fan Fryslân yn Europa troch it befoarderjen fan Fryske kulturele aktiviteiten yn oare Europeeske regio's;
- it befoarderjen fan in better begryp en freonskip tusken minsken, groepen en folken;
- benammen it befoarderjen fan de kontakten tusken de trije Fryslannen.

De gearstalling (ek oerset út it karbrief): |

It bestjoer fan de stifting bestiet op syn minsten út fiif en op syn heechst út fyftjin persoanen, dy't, as it kin, foardroegen wurde troch de neifolgjende organisaasjes of harren rjochtsopfolgers:

ien troch de organisearre lânbou;
ien troch de Fryske frouljusorganisaasjes;
ien troch de Fryske Akademy;
ien troch de Feriening fan Fryske Gemeenten;
ien út of foar de Fryske jongerein;
ien út of foar it ûnderwiis yn Fryslân;
ien út it Frysk tsjerklik fermidden;
ien út it Fryske bedriuwslibben;
ien út de Fryske sportwrâld.

Dêrneist kinne ek oaren dy't in positive ynbring hawwe kinne by it realisearjen fan de doelen, streekrjocht beneamd wurde troch it bestjoer fan de Fryske Rie. Neist bestjoersleden kinne der minsken oanwiisd wurde as dielnimmer.

By de gearstalling fan it bestjoer wurdt stribbe nei in brede fertsjintwurdiging fan de Fryske befolking.

Wurkgroep Takomst fan de Fryske Rie

In wurkgroep (bestearde út Jan Dijkstra, Onno Falkena, Froukje de Jong-Krap en Han Nijdam) hat him it ôfrûne jier bûgd oer de takomst fan de Fryske Rie en de Ynterfryske Rie. Hoe kin de Fryske Rie har missy, fisy en aktiviteiten wer by de tiid bringe? De Fryske Rie is oprjochte yn 1930 en dus hast 100 jier âld. De Rie driuwt op twa ynter-Fryske manifesten dy't yn 1955 en 2006, dêr't yn te lêzen stiet wat de Fryske groepen oan twa kanten fan de Nederlânsk-Dútske grins mienskiplik hawwe en wêrom sy geregeld by elkoar komme en útwikselje moatte soene.

De Friezen binne fierder as minderheid (yn Dútslân: Volksgruppe) erkend yn it Europeesk Hânfêst foar regionale en minderheidstalen fan de Ried fan Europa (ECRML) en ek yn it Ramtferdrach fan Nasjonale Minderheden fan de Ried fan Europa. Mar wat bynt de West-, Ost- en Nordfriezen tsjintwurdich noch? En hoe moat him dat fertale yn aktiviteiten fan de Fryske Rie?

De wurkgroep hat ein 2023 in startdokumint skreaun, dat dêrnei yn jannewaris 2024 yn de Fryske Rie bepraat is en dêr't in plan fan oanpak op makke wurde sil. Yn 2024 giet de Fryske Rie dus fierder mei dit wichtige tema.


4. Produktferslach

- a. Aktiviteite-aginda
- b. Reguliere útwiksels
- c. Gearwurking
- d. Dielname oan (ynter-)Fryske aktiviteiten
- e. Webstek en publisiteit

a. Aktiviteite-aginda

De (Ynter)fryske Rie hat in aktiviteite-aginda, dy't yn 'e regel foar in tal ûnderwerpen jierren yn 't foar fêststeld wurdt. Der binne tradisjoneel ferskate soarten reguliere aktiviteiten:

- ❖ It Ynterfrysk Kongres, dat fan 1925 ôf plakfynt en sûnt de jierren fyftich om 'e trije jier holden wurdt, ôfwikseljend yn ien fan de Fryslannen. Eltse presidintsperioade fan trije jier wurdt ôfsletten my in Ynterfrysk Kongres. Healwei 2024 wurdt de presidintsperioade fan Seksje Noard wilens it Ynterfrysk Kongres ôfsletten, en giet it foar trije jier oer nei Seksje East. Earst yn 2030 sil wer in Ynterfrysk Kongres plakfine yn 'ús' Fryslân.
- ❖ It 'Friesen-droapen' (earder de 'Sternfahrt der Friesen') op Hilgelân (Helgoland), in kultureel evenemint dat om 'e trije jier plakfynt, mei programmaûnderdielen út alle Fryslannen. Dat barren fan Westerlauwerske en Noard- en East-Friezen is en wurdt holden foar in breed publyk út de trije Fryslannen. Yn 2025 is der wer in Friesen-droapen, de organisaasje is dan yn hannen fan Seksje East. Gemeente Hilgelân hat yn 2023 in nije boargemaster krigen. Seksje Noard is al mei Thorsten Pollmann yn 'e kunde kaam:



- ❖ De reguliere útwiksels; meetings fan de beropsgroepen dy't yn de Fryske Rie fertsjintwurdige binne, ôfwikseljend yn ien fan de trije Fryslannen.
- ❖ Alle jierren op 'trede pinksterdei' fynt yn Rahe, by Auwerk/Auerk (Aurich) in gearkomsteplak fan de Fryske frijheid, sa't dy fan âlds bestien hat, by de *Upstalsbeam*. Ut de Fryske Rie wei binne dêr ek fertsjintwurdigers by oanwêzich.



Jierlikse betinking by de Upstalsbeam

Yn 2020 soe kommissaris fan de Kening Arno Brok sprekke by de jierlikse gearkomste by de Upstalbeam by Auerk, altyd op de tiisdei nei Pinkster. Yn 2020 koe it net trochgean fanwege koroana. Yn 2023 wie de kommissaris al ien fan de sprekkers fan de troch it Friesisches Forum e.V. organisearre gearkomste.

Fannijs wie der in út namme fan de Fryske Rie in delegaasje by oanwêzich, op eigen gelegenheid. De Jongfryske Mienskip organisearre de in slagge bustocht hinne. Hjirnei in ferslach.

Kommissaris Arno Brok sprekt by de Upstalbeam



Tiisdei 30 maaie wie it de ‘trede Pinksterdei’ sa’t it wol sein wurdt. De dei dat fanâlds by de Upstalsboom (Aldfrysk: Upstallesbâm) yn Auwerk de Friezen út de Fryske lannen byinoar komme. Al yn de tolfde iuw kamen dêr de rjochters en oare heech oanskreaune ôffurdigen, om rjocht te sprekken yn skelen dy’t te grut wiene om binnen de eigen rjochtsgebieten út te iten, om ôfspraken te meitsjen tusken de gebieten ûnderling en by need de Fryske Frijheid te ferdigenjen. Oer hoe’t se inoar stypje koene en soene as der driging en oanfal fan bûtenôf wie. It wie dit jier krekt 700 jier lyn dat de ‘Willekeuren’ fan de Upstalsboom oannommen waarden. Suver wat in kroanjier dus.

No wie it by âlds sa dat de ôffurdigen fan de Fryske lannen mei de Peaskedagen keazen waarden en sa gie it dit jier ek: krekt foar de Peaske ferskynde de earste oprop foar leafhawwers om har oan te melden foar in busreis nei dit histoaryske plak. Alfred Plantinga en Martsje de Jong hopen, krekt as yn 2022, in moai keppeltsje minsken byinoar te swyljen en dat slagge.

Sa rieden der dy tiisdei 48 Friezen en ien West-Fries yn in grutte bus nei East-Fryslân.

Foar’t de ynhâld fan ’e bus útstoart waard oer it hillichdom fan Auwerk/Rahe, waard der alderearst in stop makke yn Leer, dêr’t elk de stêd efkes yn koe, of nei it Slot Evenburg kuijerje koe. Lykwols, om fiif oere moast de reis nei Auwerk fuortset wurde, dêr’t om healwei sânen de jierlikse betinking wêze soe. Der bliken ek noch in stikmannich Friezen op eigen manneboet dat út reizge te wêzen en mei in knap tal East- en in pear Noard-Friezen, siet der in grutte keppel folk klear foar de sprekkers.

Histoarikus Oebele Vries kaam, lykas ferline jier, oan it wurd en dizze kear naam er de minsken mei nei it jier 1323, doe’t de Willekeuren oannommen waarden. Dêr stie yn beskreaun dat de Fryske lannen inoar helpe soene mei liif en goed as der driging fan bûtenôf wie. Dat wie yn dy tiid wol nedich, want der wiene nochal wat ‘bûtenlânske hearskers’ dy’t it op de Fryske lannen foarsjoen hiene. Dat dy ôfspraken op papier mear wurdich wiene as yn ’e praktyk die wol bliken doe’t yn 1345 de Greve fan Hollân miende dat er Fryslân oanfalle en ynnimme moast. De ‘kollega-Fryslannen’ giene derfoar omlizzen en dus moast ús hjoeddeisk Fryslân himsels mar rêde. Dat ha se ek dien; dat betinke wy op 26 septimber by Warns.

Ek Arno Brok spruts. Foar in part yn it Dútsk, mar ek in kearmannich wiidweidich yn it Frysk en foaral foar it Frysk. Hy wol en sil mei de fûst op ’e tafel slaan as it giet om de lykweardige behandeling fan it Frysk yn Nederlân en om de lykweardige behandeling fan alle talen, nettsjinsteande it tal sprekkers en skriuwers, yn Europa. Hy wol dêryn ek nauwere gearwurking sykje mei de East- en Noard-Friezen. De harkers klaptten fûl, it foel deryn as in preek yn in âlderling. It is te hoopjen dat de resultaten fan syn ideeën mei gauwens sichtber en hearber wurde.

De East-Fryske Jungfraiske Maïnskup hie lytse protestbuordsjes mei dy’t omheech holden waarden as der yn it ‘gewoane’ Dútsk praat waard, wat almeast it gefal wie. Sy makken dêrmei dúdlik dat op in gearkomste lykas dizze by de Upstalsboom in Fryske taal, hokker fan de fiif dan ek, praat hearde te wurden. It East-Frysk, Noard-Frysk en Westerlauwerske Frysk klonk wol, mar net faak en folle. Om oer it Sealtersk en it West-Frysk mar te swijen. By de neisit wie dat al oars, en elk dy’t syn of har eigen Frysk prate, koe de oare ferstean. In feest om soks te fernimmen.

De gearkomste yn Auwerk soe ta ferbining liede moatte. Ferbining tusken de ûnderskate Fryslannen, mar ek ferbining tusken de Friezen ûnderling. Inoar hearre en ferstean is mear as inkeld it fysike hearren en ferstean, it hat ek in mentaal aspekt. Begryp hawwe foarinoar en foar in oar. Dat kin wêze by it buffet, dat elk dy’t mei-yt heart ôf te rekkenjen, mar ek yn it betinken fan nije aktiviteiten. Net op it eigen eilantsje rûnom tuskentroch sile en eigen dingen dwaan, mar gearwurking sykje. Sa’t dat eartiids yn de Willekeuren ek as doel én middel fêstlein waard.

It wie in moaie dei, op in bysûnder plak. Arno Brok fernuvere him oer it grutte tal Friezen dat yn in bus nei Auwerk kommen wie. Hy hie oars ek wol mei de bus wollen, sei er. Hie er it berjocht, dat oars wol oan de Provinsje stjoerd wie, net krige?

Hawar, takom jier wer in kâns. Dy’t mei wol kin him mar melde.

(boarne www.itnijs.frl)

b. Reguliere útwiksels

De jierlikse meetings jouwe by útstek mooglikheden om mei minsken fan bûten ús provinsje yn kontakt te kommen en ek oaren priuwe te litten oan ús Fryslân en ús Fryske taal. It is dan ek dúdlik dat wy mei dy aktiviteiten bydrage oan de doelstellings fan de provinsjale beliedsnota 'Grinzen oer', te witten it styppen fan de Fryske taal en kultuer.

Boeremoeting

Eartiids wie de boeremoeting wol in hichtepunt yn de útwikselingen fan de Fryslannen. Troch fergrizing en maatskiplike omstannichheden as gruttere bedriuwen en bûten hûs wurkjende boerinnen is de âlde wize fan meardeiske útwikseling deablet. Om it wer op 'e nij te besykjen is foarearst keazen foar in ekskurzje fan ien dei yn it simmerskoft. Foar dy 'pilot' is keazen om it dan allinnich foar Seksje East te dwaan, yn ús Fryslân. Dat wie mei stipe fan de Ynterfryske rie, dat Seksje Noard no net meidie om't it net yn ien dei te bereizgjen wie. Taheakke it programma. Fan East-Fryske kant is it oppakt troch de Landes Hauptverein (LHV) fan Leer/ Aurich (oansletten by de Deutsche Bauernverein - de algemiene Dútske boerebûn). Der wiene gjin fertsjintwurdigers mei fan de Fräiske Râid (Seksje Ost). De twa kontaktpersoanen fan de LHV prate treflik Nederlânsk om't hja studearre hawwe yn Grins (Anneke Börnsen) en Dronten (Rudi Bleeker). De besite wie oanfolle mei Fryske boeren út de omkriten om sa ta kontakten te kommen.

De groep út East-Fryslân bestie út 13 dielnimmers, benammen greidboeren en hja wiene goed ynteressearre. De ynliding op de Dairy Campus wie yn it Dútsk (direkteur), de rûnliding oer it bedriuw yn it Ingelsk (ûndersykster). De jonge boeren koene foldwaande Ingelsk, foar de âldere boeren ha ik wat oersetten. De problematyk om ta in legere miljeubelesting yn de feehâlderij te kommen, wie in ferbinende faktor.



1Dielnimmers oan de boeremoeting yn Westerlauwersk Fryslân

De twadde besite fan de dei wie oan it moderne feebedriuw fan Marten en Anneke de Jong yn Baaium. Hja dogge oan aktyf subsidiearre greidfûgelbehear en hawwe ek in ûntfangstrome mei fasiliteiten foar catering. By de lunsj hat Fryske Rie foarsitter Jan Dijkstra de groep yn it Frysk it wolkom taroppen, oerset troch Froukje de Jong-Krap fan de Fryske rie. Bedriuw De Jong hat mei buorlju in kluster fan gebiet mei subsydzje om skriezen en ljippen de kâns te jaan de piken grut te bringen troch it brûken fan rûge dong en letter meane. De legere opbringst fan gewaaks moat dan troch de stipe of maatskiplike tsjinst opfangen

wurde. In soarchpunt is de predaasje troch foksen en stienmurden. It blykt dan ek wer dat de ferskillen tusken de lannen yn de EU grut binne, yn Niedersachsen (elk 'Land' hat in eigen ynfolling fan it Mienskiplik Lânboubelied yn Dútslân) kinne hja dy foarm fan fûgelbehear net.

De tredde besite wie oan ikkerboubedriuw Smits yn Alde Bildtsyl. In modern bedriuw mei set ierappelbou as haadtak. De boeremoeting spile ek noch yn de "Bildtse Aardappelweken" mei in keunstútstalling om boargers nei boeren te lûken om de kleau tusken boarger en boer troch dialooch lytser te meitsjen. Hja wiene ek dêr ûnder de yndruk fan de moderne 'Katedralen' op It Bildt; de ierappelloadsen.

De dei is ôfsletten mei in besite oan de pleats fan Teun en Froukje, dêr't in jûnsmiel en ôfslutende wurden fan foarsitter Jan Dijkstra en Rudi Bleeker fan de LHV op it aljemint stiene. Dêr wie de besite ek wer foar de kontakten oanfolle mei in pear boeren dy't anneks oan de 'Bildtse Aardappelweken' wiene. Jûns om healwei achten koene de Eastfriezen op nei hûs ta, nei in slagge ekskurzje/útwiksel.

Teun de Jong,
fertsjinwurdiger lânbou yn de Fryske Rie



Frouljusmoeting

De earstfolgjende twajierlikse frouljusmoeting is fan 10 oant 13 septimber 2024. De organisaasje is yn hannen fan Seksje East en sille de froulju te gast wêze yn East-Fryslân. De koördinaasje fan de dielnimsters út Westerlauwersk Fryslân is yn hannen fan Akkie Lindeboom-Jager.



c. Gearwurking

It Europeesk buro foar Lytse Talen

De *Fryske Rie* is ien fan de ynstânsjes dy't in sit hat yn it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT), dat by *Mercator* yn de Fryske Akademy ûnderbrocht is. Ut namme fan de Fryske Rie wennet Saapke Miedema de gearkomsten by.

It FYK en Ried fan de Fryske Beweging

De *Fryske Rie* is stiper fan it FYK (jongereinferiening 'Frysk Ynternasjonaal Kontakt') en lid fan de *Ried fan de Fryske Beweging*. Ut namme fan de *Fryske Rie* hat Han Nijdam in sit yn it Ried fan de Fryske Beweging en 1e plakferfanger is Saapke Miedema.

Lykas oare Fryske organisaasje hat de Ried fan de Fryske Beweging ek mei de Fryske Rie yn petear west oer gearwurking en takomst.

Kontakt mei de Provinsje Fryslân

Beliedsmeiwurker Harmen Akerboom is út namme fan de Provinsje Fryslân de kontaktpersoan fan de Fryske Rie.

DINGtiid, it advysorgaan foar de Fryske taal

Op sneon 4 novimber 2023 wie in DINGtiid-lêzing 'Taal en rjocht: de positive ympakt fan Frysk op de rjochtspraak'. Ut namme fan de Fryske Rie ha in tal leden fan de Fryske Rie oanwêzich west by de lêzing oer it brûken fan it Frysk yn de rjochtspraak. De lêzing wie yn it Paleis fan Justysje yn Ljouwert. It Frysk yn de rjochtspraak liket op papier regele, mar yn de praktyk blike alle partijen der mei te wrakseljen om't net eltsenien yn it rjochtsproses de Fryske taal machtich is. Wat is der nedich om it Frysk yn de rjochtspraak duorsum te boargjen? Gerjochtshôfpresidint Jonneke Oosting oer de prosedurele rjochtfeardigens fan Frysk prate op sitting

Mr. Z.J. Oosting (presidint fan it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert) bespruts de dilemma's rûn it Frysk praten ûnder in sitting. Wat as oare prosesdielnimmers it Frysk net of matich behearskje? Alle partijen moatte nei-inoar lústerje kinne en inoars belangen begripe.

DINGtiid-bestjoerder Annalies Outhuijse oer duorsum boargjen fan it Frysk



Dr. Annalies Outhuijse (bestjoerder fan DINGtiid en bestjoersrjochtlik advokaat by Stibbe yn Amsterdam) joech har fyzje op hoe't it brûken fan it Frysk de kwaliteit fan de rjochtspraak krekt befoarderje kin. Hoe soe it brûken fan it Frysk yn de rjochtsproseduere duorsum boarge wurde moatte?

d. Dielname oan (ynter-)Fryske aktiviteiten

‘Sitzung des Beratenden Ausschusses für Fragen der friesischen Volksgruppe’

lenris yn it jier wurdt de saneamde ‘Sitzung des Beratenden Ausschusses für Fragen der friesischen Volksgruppe’ holden. Yn 2017 wie de provinsje Fryslân ek útnûge; doe wiene deputearre Poepjes en beliedsamtner Riemersma derby. Sy hawwe doe oanbean dat ien fan de earstfolgende gearkomsten wol yn Ljouwert holden wurde koe. Dat is op dit stuit noch net realisearre.

Europäische Straße der Friesen

Der hawwe yn 2021 ferskate petearen west, sawol yn Fryslân as yn ynter-Frysk ferbân, oer hoe't de Strasse der Friesen, de ferbining oer sawol echte diken as troch taal en kultuer, ta stân komme kin. In ûndersyk troch de oplieding Toerisme fan de HBÚ yn Heide, Dútslân jûch mear fragen as antwurden en de konklúzje fan alle belutsenen wie dat der earst yn it eigen Fryslân praat wurde moat oer dy fragen. Op dit stuit sit dit projekt ta neier oarder yn 'e iiskast.

e. Webstek en publisiteit

De *Fryske Rie* kundiget har meetings oan en docht ferslach fan har aktiviteiten op www.fryskerie.frl

Yn 2023 is fierder wurke oan in nij webstek, dat krekt op de ein fan it jier yn de loft gean koe.

De *Ynterfryske Rie* kundige har meetings oan en docht ferslach fan har aktiviteiten op www.interfriesischerrat.de. Dat webstek is lykas it webstek fan de Fryske Rie ek yn 2023 fernijd.


5. Organisaasje

a. It bestjoer

De gearstalling fan it algemien bestjoer fan de Fryske Rie is regele yn it karbrief.

It bestjoer fan de Fryske Rie (tagelyk seksje West fan de Ynterfryske Rie) hie yn 2023 de neikommende gearstalling:

- * Jan Dijkstra, foarsitter, Deistich Bestjoer
- * Saapke Miedema, sekretaris, Deistich Bestjoer
- * Lolke Tj. Folkertsma, ponghâlder, Deistich Bestjoer
- * Froukje de Jong-Krap, sekretaris ynter-Fryske saken
- * Onno P. Falkena, media
- * Ridzerd Hooijenga, Fryske tsjerken
- * Teun de Jong (boeren)
- * Akkie Lindeboom, Vrouwen van Nu
- * Han Nijdam, Fryske Akademy
- * Gelkje Schotanus, bedriuwslibben



Deistich Bestjoer Fryske Rie, v.l.n.r. Lolke Folkertsma, Saapke Miedema, Jan Dijkstra

It roaster fan ôfgean sjocht der as folget út:

Beneamd:		Giet ôf:
2018/2022	(sept.) Saapke Miedema	2024
2020	(febr.) Froukje de Jong-Krap	2024
2021	(maaie) Onno P. Falkena	2025
2021	(jun) Ridzerd Hooijenga	2025
2021	(sept.) Akkie Lindeboom	2025
2015/2019/2022	(maaie) Lolke Folkertsma	2026
2014/2018/2022	(des.) Gelkje Schotanus	2026
2019/2024	(aug.) Han Nijdam	2027
2020/2024	(jan.) Teun de Jong	2028

Ofgeande leden binne daliks op 'en nij foar 4 jier te beneamen of werkiesber.

It webstek waard yn 2023 op 'e nij op frijwillige basis byholden troch Marja ten Bruggencate. Mei yngong fan 2024 hâlde eigen leden it nije webstek by.

b. Gearkomsten

It bestjoer fan de *Fryske Rie* is yn 2023 4 kear gearkommen, nammentlik op 13 febrewaris, 17 april, 14 juny en 28 septimber. Op 28 septimber wie dat in gearkomste fia Zoom, de oare gearkomsten wiene yn de bibliotek fan Dokkum (1x) en yn it gemeentehûs fan Frjentsjer (2x). It Deistich Bestjoer hat ek in tal kearen in online en fysike gearkomsten holden.


6. De Ynterfryske Rie

(IFR - Interfriesischer Rat): www.interfriesischerrat.com

De *Ynterfryske Rie* (YFR) is de koepel dêr't alle trije Fryske Rieden lid fan binne. Se wurde yn dat ferbân oantsjut as de seksjes Noard, East en West.

It *algemien bestjoer* bestiet út alle leden fan de algemiene bestjoeren fan de trije Fryske Rieden. Dat betsjut dus dat alle leden fan de Fryske Rie dêryn sitte. Foarsitter fan juny 2021 ôf is Ilse Johanna Christiansen.

Burohâlder foar Seksje Noard is Frank Nickelsen. Neffens wenst wikselet it foarsitterskip en it skriuwerskip om 'e trije jier.



It *deistich bestjoer* (de 'Vorstand') bestiet út 2 leden fan eltse seksje. Foar East-Fryslân binne dat Arno Ulrichs (foarsitter seksje East) en Dieter Baumann, foar Noard-Fryslân Ilse Johanna Christiansen (foarsitter Seksje Noard) en Gudrun Fuchs. Yn 2023 hiene foar ús Fryslân Jan Dijkstra (foarsitter Seksje West) en Saapke Miedema in sit yn de *Vorstand*. It deistich bestjoer fan de Ynterfryske Rie kaam yn 2023 gear op 11 maart. Arno Ulrichs, foarsitter fan Seksje East, koe as boargemaster fan gemeente Ihlow yn East-Fryslân it deistich bestjoer op it gemeentehûs ûntfange.



Deistich bestjoersgearkomste Ynterfryske Rie 11 maart 2023 yn Ihlow. Fan lofts nei rjochts: Froukje de Jong-Krap, Arno Ulrichs, Ilse Johanna Christiansen, Saapke Miedema, Jan Dijkstra, Gudrun Fuchs en Dieter Baumann. Njonken de ûnderwerpen op de wurklist hold Prof. Dr. Thoman Steensen in ynliding oer it feit dat er dwaande is mei it op skrift stellen fan de skiednis fan de Ynterfryske Rie.

Yn it middeisskoft waard in besite brocht oan de Upstalsboom by Aurich en it kleaster yn Ihlow (tanksij de ynter-Fryske kontakten nei in foarbyld fan Uniastate yn Bears).



De miene gearkomste, de jierlikse gearkomste fan it *algemien bestjoer* fan de Ynterfryske Rie, wie op 17 juny yn Skäddel (Scharrel) yn Sealterlân. Elk fielde him tige wolkom troch de gastfrije ûntfangst troch de frijwilligers fan it Sealterfräiske Kulturhuus, de wolkomstwurden fan boargemaster Thomas Otto en de foarsitter fan Kalle Schramm fan it Sealter buund.



Ut namme fan it Büro des Saterfriesisch-Beauftragten hold Tjallien Kalsbeek in ynliding oer taallearen. Nijsgjirrige besites waarden brocht oan de Litje Skoule Skäddel en it lokale radiostasjon.



De *Fryske Rie* hat twa susterorganisaasjes, dy't mei de Fryske Rie de *Ynterfryske Rie* foarmje. It binne:

Frasche Rädj Sektion Nord

www.friesenrat.de

Frasche Rädj Sektion Nord

De seksje Noard wie ein 2023 sa gearstald:

- * Ilse Johanna Christiansen (Friisk Foriining), foarsitter Vorstand YFR;
- * Heinrich Bahnsen (Nordfriesischer Verein), fise-foarsitter Vorstand YFR;
- * Maren Jessen (Sölring Foriining), finânsjes Vorstand YFR;
- * Gudrun Fuchs (Nordfriesischer Verein), lid Vorstand YFR
- * Charly Rickmers (Ferring Ferian);
- * Claas Riecken (Friisk Foriining);
- * Hans-Georg Hostrup, (Heimatbund Landschaft Eiderstedt);
- * Jürgen Ingwersen (Sölring Foriining);
- * Ellin Nickelsen (Verein für das Nordfriesisches Institut eV);
- * Jens Quedens (Öömrang Ferian
- * Eva Waltemath (Gemeinde Helgoland);
- * N.N. (Nordfriisk Teooter)

Geschäftstelle Sektion Nord: Frank Nickelsen

Freeske Raad/ Fräiske Räid Sektion Ost

Freeske Raad/ Fräiske Räid Sektion Ost

Gearstalling seksje East (Friesenrat) ein 2023:

- * Arno Ulrichs (Friesisches Forum), foarsitter, lid *Vorstand* YFR;
- * Dieter Baumann (Ostfriesische Landschaft), fise-foarsitter, lid Vorstand YFR
- * Volker Landig, ponghâlder (Oldenburgische Landschaft und Jeverländer Altertums- und Heimatverein); finânsjes, lid Vorstand YFR
- * Dr. Wolfgang Meiners (fertsjintwurdiger fan de Rüstinger Heimatbund); skriuwer, lid Vorstand YFR
- * Peter Brauer (Friesischer Klootschießverbund);
- * Gerhard Cordes (Ostfriesische Landjugend);
- * Wolfgang Koch;
- * Uta Mansholt (Ostfriesische Landfrauen);
- * Dieter Osterdorff (Landesstube des Alten Landes Wursten);
- * Karl-Peter Schramm (Seelter Bund).

Us Fryslân

As in fûgel sa frij, as de wyn oer it lân
Oer see, oer de heide, oer 't it wiuwende koarn
Oer it grien fan de greiden, it wyt fan it sân
Flean op, Friezen, frijfolk fan Fryslân

*Wy sjonge fan Fryslân, wy dûnsje derby,
Fan it lân fan ús hert, dêr binne wy frij
Ferbûn troch dit liet, besibbe yn siel
Oersjongend de grinzen fan't Fryske gehiel*

Uus Fräislound (interfräisk Laid)

As n Fugel so fräi, as de Wiend uur e Mäid
Uur See,
uur e Hede, uur Foan un uur Eed
Uur et Gräin fon e Struke, uur et Wiet fon et Sound
Aal sunt Brure, fräi Foulk fon Fräislound

Wie sjunge fon Fräislound, mä fuul Doanseräi
Fon't Lound fon uus Haat, deer lieuwje wie fräi
Ferbund'n truch dit Laid, sunt wie je Fründ Un
sjung' uur do Skede fon't fräisene Biend

Üüs Fraschlönj (interfriiske Sung)

As en föögel sü fri, as di win önj e feen
Di wait döör e hääre foon min Annemaleen
Ouer t gräin foon e kuuge, et wit foon e sönj
Vivat huuch, Fräsche, önjt fri fiderlönj

We doonse, we schunge, foon Fraschlönj stäis wi
Foon et lönj foon üüs hart, deer laawe we fri
Åål iinj döör än sung - än frün' önj e siil
Sü määge we üüs lönj tu iinj friisk gehiil

Fan ús tongen rôlet in eat oare taal
Mar ús herten fertelle itselde ferhaal
Fan in folk dat libbet, dat nei inoar útskaait
Salang as de wyn fan de wolken waait

Us herten bin' rom, ús kime is klear
Wy skewiele inoar, mar tsjinje gjin hear
Ljochtet de moarn, skrast wer de raaf
Binne wy altyd en ivich leaver dea as slaaf

Ju Toal fon die een' fint die uur apaat
Man wie drege dätvälge Fertälster in't Haat
Fon n Foulk, wät lieuw't in Gemeensoamkaid
Soloange die Wiend fon e Wulken wait

As Brure sunt wie, uus Lound is ächt
Wie hâlpje enuur, man sunt nemens Knächt
Ljuchtet die Mäid'n, ropt wier die Roaw'
Sunt wie altied un eeuwich ljauer dood as Sloaf

Önj üüs spräke as wilems n batje ferschääl
Duch üüs harte ferteele män bloot dâtheer tääl
Foon en följik, dät wâkst än dät grait än dät blait
Sü lung as e win foon e wulkene wait

Üüs harte san rüm, üüs kiming as klåår
We hääwe niinj knächte, niinj hiire sügåår
Uler en kining, uler en groow
We bliwe ältens än eewi liiwer düüdj as sloow

7. Jierrekken 2023 Stifting Fryske Rie



Lolke Folkertsma, ponghâlder

Steat fan baten en lêsten Fryske Rie oer 2023

Stifting Fryske Rie			
Begjinsaldo 1 jannewaris 2023	€ 11.929,96	Utjeften	
Boeremoeting*		Neikommen útjeften 2022:	
Bydrage Provinsje Fryslân 2020	€ 5.200,00	Ynterfrysk Kongres	€ 3.185,84
		Hilgelânreis	€ 3.132,00
		Frouljusmoeting	€ 71,98
		2023:	
		Boeremoeting	€ 1.603,66
		Bankkosten	€ 217,96
		Webstek	€ 949,83
		Sekretariaatskosten/ bestjoer represintaasje	€ 1.124,22
		Reiskosten bestjoer	€ 171,91
		Lidmaatskippen	€ 141,00
		Frijwilligersfergoeding	€ 1.800,00
		Banksaldo 31 desimber 2023	€ 4.731,56
Mei-inoar	€ 17.129,96	Mei-inoar	€ 17.129,96
Sparrekken	€ 2.165,61		
BS - Begjinsaldo 1 jannewaris 2023	€ 4.731,56		
Saldo jierrekken	€ 2.165,61		
ES - Einsaldo 31 desimber 2023	€ 6.897,17	*	
* Reiskosten foar eigen rekken dielnimmers			
**Konfoarm bankbeskieden			
De jierrekken is gearstald op basis fan it kasstelsel: ynkommende en útgeane bedraggen.			

Taheakke 1: **Aktiviteiteplan Stifting Fryske Rie 2023**

Algemeine ynformaasje	
Namme aktiviteit	<i>Moetings</i>
Kontaktpersoan + kontaktynformaasje	Lolke Folkertsma, De Skâns 20, 9101 HR Dokkum, tel. 0646157736
Beskriuwing aktiviteit	
Omskriuwing fan de aktiviteit	<p>Organisaasje fan ynter-Fryske moetings yn Europa. Yn 2023 steande folgjende aktiviteiten op steapel:)</p> <ol style="list-style-type: none"> a. Besite oan it Biikebrennen yn Noard-Fryslân b. Besite oan de jierlikse betinking by de Upstalsbeam yn Auwerk (3e Pinksterdei) c. Besite oan de twajierlikse Westfrieslanddei yn Skagen, mei in eigen Fryske Rie en Ynterfryske Rie-diske en of ien of mear wurkwinkels (hjerst) d. Taryeding fan de twajierlike Frouljusmoeting, yn 2024 yn East-Fryslân (septimber). e. Taryeding fan it trijierlikse ynter-Fryske kongres yn Noard-Fryslân (maaie/juny 2024)
Te berikken kwantitative resultaten	<p>It fersterkjen en ûnderhâlden fan de bân tusken de ûnderskate Fryslannen.</p> <p>It útwikseljen fan ideeën ûnder mear op it mêd fan toerisme en polityk-bestjoerlike saken, kontakten lizze en ûnderhâlde, West-Friezen yn kontakt bringe mei Dútske Friezen en har taal en oare kultuer. Jongerein bewust meitsje fan de Fryske identiteit fan harsels en dy fan “bûtenlânske” Friezen. It troch de studinten sels ynfoljen fan – parten an - de moetings en it meitsjen fan skriftlike ferslaggen.</p> <p>Bekendmeitsjen fan Fryske kultuer yn Europa.</p>
Te berikken effekten:	<p>Doel:</p> <p>It ûntwikkeljen fan de Fryske kultuer yn de brede betsjutting mei help fan ynternasjonale kontakten en mei 't skeppen en ûntwikkeljen fan de middels dy't sokke kontakten mooglik meitsje;</p> <p>It bekend meitsjen yn oare Europeeske regio's fan de Fryske kultuer en it jaan fan meiwurking oan de presintaasje fan de kultuer fan oare Europeeske regio's yn de eigen provinsje;</p> <p>It stimulearjen fan de kulturele posysje fan Fryslân yn Europa mei it befoarderjen fan Fryske kulturele aktiviteiten yn oare Europeeske regio's;</p> <p>It befoarderjen fan in better begryp en freonskip tusken minsken, groepen en folken.</p> <p>It benammen befoarderjen fan de kontakten tusken de trije Fryslannen.</p> <p>De Fryske Rie giet tegearre mei Sektion Ost yn 'e pleit foar it oprjochtsjen fan in <i>ynter-Frysk</i> kultuerparlemint om de ûnderlinge, grinskrusende politike en bestjoerlijke gearwurking (op makronivo) te befoarderjen. In parlemint dat him û.o. rjochtsje moatte soe op it bepleitsjen of behertigjen fan mienskiplike belangen fan de trije Fryslannen, bgl. troch it</p>

	<p>ferrjochtsjen fan lobbyaktiviteiten yn wichtige haadstêden lykas Berlyn, De Haach en Brussel. Sa'n 'Opstalsbeam'-parlemint soe syn sit krije kinne yn Au[w]erk (bgl. yn it gebou fan de Ostfriesische Landschaft).</p> <p>It is ien fan de punten dy't de Fryske Rie op it aljemint brocht hat by de leden fan it advyskomitee foar it 'Ramtferdrach foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden' (te Ljouwert op 19 nov. 2018) fan de Ried fan Europa.</p> <p>b. Frouljusmoeting yn septimber 2024</p> <p>c. De kulturele Fryske manifestaasje op Hilgelân: Friesendroapen yn maaie 2025</p> <p>d. Besite oan de twajierlikse Westfrieslanddei yn Skagen, mei in eigen Fryske Rie en Ynterfryske Rie-diske en of ien of mear wurkwinkels.</p>
<p>Effektmjitting: <i>Hoe wurdt it effekt metten?</i></p>	Yn it jierferslach, fia de eigen hiemside en yn de media wurdt omtinken jûn en frege foar de aktiviteiten.
<p>Gearwurkingspartners:</p>	Interfriesischer Rat e.V., Fryske Akademy, Vrouwen van Nu, en tal fan oare Fryske organisaasjes.
<p>Wize fan kommunikaasje rjochting publyk: <i>Bygelyks: brosjure, webside, Facebook</i></p>	By al de uterings fia de hiemside en parseberjochten, 21ste iuwske kommunikaasjemiddels (Facebook, Instagram, Twitter, Tiktok, ensfh.) wurdt yn it Frysk omtinken jûn oan de aktiviteiten en spesifyk beneamd dat dy mei troch stipe fan de provinsje Fryslân stal krije kinne.
<p>Kosten (yn € it jier)</p>	Sjoch Format Organisaatiebegroting 2023
<p>Opbringsten (yn € it jier)</p>	Sjoch Format Organisaatiebegroting 2023
<p>Oare relevante punten</p>	Beliedsnota 'Nij Poadium' 2021-2024 Keunst & kultuer, taal & ûnderwiis en erguod yn Fryslân. De doelstellings dy't foar de Fryske Rie fan tapassing binne, lizze op it mêd fan taal, ambysjes 7A, 7B en 7C yn haadstik 5.

Algemeine ynformaasje	
Namme aktiviteit	<i>Bestjoerlike kontakten</i>
Kontaktpersoan + kontaktynformaasje	Lolke Folkertsma, De Skâns 20, 9101 HR Dokkum, tel. 0646157736
Beskriuwing aktiviteit	
Omskriuwing fan de aktiviteit	<ul style="list-style-type: none"> • Yn de hjerst fan 2022 hâldt de Fryske Rie in fuotten-op 'e tafel-petear c.q. breinstoarmgearkomste oer de takomst fan de Fryske Rie. • Kommunikaasje mei it deistich bestjoer ("Vorstand") fan de Interfriesischer Rat e.V. (Westfrysk: Ynterfryske Rie, YFR). It bestjoer fan de stifting Fryske Rie (FR) foarmet de Sektion West fan de Interfriesischer Rat. Ienris yn it jier, of faker as nedich, hâlde de leden fan it deistich bestjoer fan de Ynterfryske Rie yn it Dútske Oyten, of in oar sintraal plak, in gearkomste. Ienris yn it jier, of faker as nedich, hâlde de leden fan it deistich bestjoer fan de Ynterfryske Rie online ien of mear gearkomsten. De gearkomsten wurdt technyske stipe troch de Geschäftsführer fan tsjinst. De sekretaris fan de Fryske Rie makket diel út fan it deistich bestjoer van de Vorstand. Foar it wurk foar de Fryske Rie stiet in frijwilligersfergoeding oer foar de sekretaris. • Kosten foar it bywenjen fan de jierlikse miene gearkomste fan de leden fan de YFR. Ienris yn it jier is der in miene gearkomste fan alle leden fan de YFR. It doel is de miene gearkomste yn 2023 te hâlden yn Sealterlân, dat is de lêste 2 jier net trochgien fanwege koroana. • De YFR wurdt op basis fan pariteit troch in kontribúsje fan de trije seksjes finansjeel yn stân hâlden. • De FR nimt diel oan de troch it Friesische Forum alle jierren organisearre betinking by de Upstalbeam by Rahe/Auwerk. • Besite oan de twajierlikse Westfriesland-dei yn Skagen. • De FR is lid fan de Nederlânske Kommisje fan it Europeesk Buro foar Lytse Talen (NK EBLT). Dat betsjut dat dêr kosten foar makke wurde, û.o. reiskosten. • De FR is stiper fan en hâldt goede kontakten mei jongereinorganisaasje FYK. De kosten dêrfoar beheine har tot in lyts bedrach oan stipe. • De FR is lid fan de Ried fan de Fryske Beweging (RfFB). Dat ferget in jierlikse bydrage en reiskosten. <p>Njonken it boppesteande, en yn oanfolling dêrop, wurde der kommunikaasjekosten makke</p>

	<p>foar post en e-post yn it ûnderling ferkear. Foar berêden fan de jildlike middels wurde der bankkosten makke.</p>
	<p>Doel:</p> <p>(a) It befoarderjen en ûnderhâlden fan de kontakten tusken de trije Fryslannen.</p> <p>(b) Troch ynternasjonale Europeeske kontakten de Fryske taal en oare kultuer en de minderheidsposysje fan de Friezen en fan harren taal oer de (Nederlânske) grins hinne bekend meitsje yn Europa en te ferlykjen mei dy fan oare – net Fryske- minderheden yn Europa.</p> <p>(c) Aktiviteiten rjochte op jongerein yn oare Europeeske minderheidsgebieten as dy fan de Friezen yn Dútslân om dy jongerein yn kontakt te bringen mei ús taal en oare kultuer en om fan dy jongerein ynspiraasje op te dwaan om by ús fierder te gear.</p> <p>Middel:</p> <p>(a) Tarieding fan miene gearkomsten. Ôfstimming en regeljen fan de aktiviteiten yn de trije seksjes fan de YFR en tarieding fan jierlikse miene gearkomsten (sa'n 30 minsken).</p> <p>(b) Om dûbeling fan wurk foar te kommen, en út finansjele oerwagings, wurdt dit doel befoardere troch it aktive lidmaatskip fan it NK EBLT.</p> <p>(c) It FYK hat him njonken de Fryske Rie oprjochte en ûntwikkele ta in organisaasje dy't aktiviteiten ûndernimt foar minsken fan 15 oant 35 jier yn it ramt fan doelstelling (c). De Fryske Rie ûnderhâldt dêrom goede kontakten mei it FYK en stipet mei wêr't hja kin. Dûbeld wurk wurdt op dy manier tefoaren kommen.</p> <p>(d) Fierders hat de RfFB foar in part deselde doelstellings as de Fryske Rie. De Fryske Rie is dêrom, fanwegen de koördinaasje, lid fan de RfFB</p>
	<p>(a) In goed ferrin fan de miene gearkomsten en it ûnderhâlden fan ynterfryske kontakten mei foaroanmannen en -frouwen út de trije Fryslannen. Koördinaasje fan aktiviteiten en oppakken fan nije inisjativen. Besprek fan de (politike en ekonomyske) ûntjouwings yn de trije Fryslannen.</p>
Te berikken kwantitative resultaten	<p>Doel:</p> <p>(a) It befoarderjen en ûnderhâlden fan de kontakten tusken de trije Fryslannen.</p> <p>(b) Troch ynternasjonale Europeeske kontakten de Fryske taal en oare kultuer en de minderheidsposysje fan de Friezen en fan harren taal oer de (Nederlânske) grins hinne bekend meitsje yn Europa en te ferlykjen mei dy fan oare – net Fryske- minderheden yn Europa.</p> <p>(c) Aktiviteiten rjochte op jongerein yn oare Europeeske minderheidsgebieten as dy fan de Friezen yn Dútslân om dy jongerein yn kontakt te bringen mei ús taal en oare kultuer en om fan dy jongerein ynspiraasje op te dwaan om by ús fierder te gear.</p> <p>Middel:</p> <p>(a) Tarieding fan miene gearkomsten. Ofstimming en regeljen fan de aktiviteiten yn de trije seksjes fan de YFR en tarieding fan jierlikse miene gearkomsten (sa'n 30 minsken).</p>

	<p>(b) Om dûbeling fan wurk foar te kommen, en út finansjele oerwagings, wurdt dit doel befoardere troch it aktive lidmaatskip fan it NK EBLT.</p> <p>(c) It FYK hat him njonken de Fryske Rie oprjochte en ûntwikkele ta in organisaasje dy't aktiviteiten ûndernimt foar minsken fan 15 oant 35 jier yn it ramt fan doelstelling (c). De Fryske Rie ûnderhâldt dêrom goede kontakten mei it FYK en stipet mei wêr't hja kin. Dûbeld wurk wurdt op dy manier tefoaren kommen.</p> <p>(d) Fierders hat de RfFB foar in part deselde doelstellings as de Fryske Rie. De Fryske Rie is dêrom, fanwegen de koördinaasje, lid fan de RfFB.</p>
Te berikken effekten:	It organisearjen fan meetings, kongres en reis nei Hilgelân mei as doel meetings en útwiksel fan ûnderlinge ûnderfinings. Gearwurking mei kontaktorganisaasjes.
Effektmjitting: <i>Hoe wurdt it effekt metten?</i>	Troch evaluaasjegearkomsten.
Gearwurkingspartners:	Ynterfryske Rie, Frasche Râdj, Freeske Raad, Friesich Forum, EBLT, FYK, Ried fan de Fryske Beweging, Westfries Genootschap en de Provinsje Fryslân
Wize fan kommunikaasje rjochting publyk: <i>Bygelyks: brosjuere, webside, Facebook</i>	Webstek, Facebook, parseberjochten, struibrief. By al de uterings wurdt yn it Frysk omtinken jûn oan de aktiviteiten en spesifyk beneamd dat dy mei troch stipe fan de Provinsje Fryslân stal krije kinne.
Kosten (yn € it jier)	Sjoch Format Organisaatiebegroting 2023
Opbringsten (yn € it jier)	Sjoch Format Organisaatiebegroting 2023
Oare relevante punten	Beliedsplan Provinsje Fryslân 'Nij Poadium' 2021-2024. Keunst & kultuur, taal & ûnderwiis en erfgoed yn Fryslân.

Algemeine ynformaasje	
Namme aktiviteit	<i>Publisiteit</i>
Kontaktpersoan + kontaktynformaasje	Lolke Folkertsma, De Skâns 20, 9101 HR Dokkum, tel. 0646157736
Beskriuwing aktiviteit	
Omskriuwing fan de aktiviteit	Gearstalling fan in nij webstek, ûnderhâld Facebook-pagina, struibrief, sosjale media en oare publisiteit.
Te berikken kwantitative resultaten	It fergrutsjen fan de nammebekendheid fan de Fryske Rie en fan it draachflak foar it wurk fan de Fryske Rie. De Fryske Rie siket nei wegen om mear minsken en benammen jongere minsken te ynteressearjen foar syn idealen en wurksumheden.
Te berikken effekten:	Tanimmende ynteresse fan West-Friezen yn it wurk fan de Fryske Rie.
Effektmjitting: <i>Hoe wurdt it effekt metten?</i>	Sifermjittich, ek oan de hân fan parse- en oare media-uterings.
Gearwurkingspartners:	Kommersje en parse
Wize fan kommunikaasje rjochting publyk: <i>Bygelyks: brosjuere, webside, Facebook</i>	Foar alle aktiviteiten in eigen kommunikaasjeplan opstelle, wêrby't de 21ste-iuwske kommunikaasjemiddels njonken de wenstige kommunikaasjemiddels ek ynset wurde. Bygelyks: Facebook, Instagram, Twitter, Tiktok, ensfh.
Kosten (yn € it jier)	Sjoch Format Organisaatiebegroting 2023
Opbringsten (yn € it jier)	Sjoch Format Organisaatiebegroting 2023
Oare relevante punten	Beliedsnota 'Nij Poadium' 2021-2024 Keunst & kultuer, taal & ûnderwiis en erfgoed yn Fryslân. De doelstellings dy't foar de Fryske Rie fan tapassing binne, lizze op it mêd fan taal, ambysjes 7A, 7B en 7C yn haadstik 5.